FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Drachten, 13-01-2005

Oan de leden fan de Steatekommisje B&M

Ynformaasje foar it petear oer in útstel foar de nije kearndoelen Frysk yn it basisûnderwiis yn de Steatekommisje B&M oangeande 'Herziening doelstellingen Fries in het PO, december 2004'.

Kearndoelen wurde om de fjouwer jier evaluearre en mooglik bysteld yn opdracht fan de minister fan ûnderwiis. De minister hat de *Stichting Leerplanontwikkeling* yn Enschede dêr in opdracht ta jûn. Saakkundigen *sûnder* kennis fan de Fryske situaasje wiene hjirmei besteld.

It *earste* konsept (2003) hold foar it Frysk noch minder yn as foar it fak Ingelsk.
Oerlis mei saakkundigen *út Fryslân* koe it nivo fan de kearndoelen omheech helje op itselde nivo as it *Ingelsk* (hjir in frjemde taal), mar de spegeling fan de kearndoelen Frysk oan dy foar it Nederlânsk - wat al sûnt it begjin fan it wurkjen mei kearndoelen in *prinsipieel útgongspunt* is - krige gjin mearderheid. De yn 'Herziening doelstellingen Fries in het PO' oernommen kearndoelen binne sadwaande *net langer spegele* oan it Hollânsk (2004).

Beswieren tsjin dit ministerieel útstel fan nije kearndoelen binne:
1. De *lykweardichheid* en *lykberjochtiging* fan it Frysk as taal (yn de basisskoalle) wurde oantaast. Underwiis yn it Frysk hat dêrtroch net mear *deselde status* as it Hollânsk en dat sil ta gefolch hawwe dat skoallen mei gjin positive hâlding foar it Frysk oer, dat fak hielendal oan de kant lizze.
2. *Yntegraal* taalûnderwiis - mei rjocht en reden in goede doelstelling fan DS - giet út fan twatalich ûnderwiis op basis fan *lykweardigens*. As beide talen *net* deselde *status* hawwe en ek net as sadanich *behannele* wurde, dan wurket sok 'twatalich' ûnderwiis *healtaligens* yn de hân en dat is kognityf in minne saak lykas alle ynternasjonaal ûndersyk oanjout.
3. De Fryske taal is dêrmei yn eigen taalgebiet degradearre ta in *twadderangstaal* en sa'n beslissing is yn striid mei de *Bestjoersôfspraak* mei it Ryk, de ûnderskreaune bepalings yn it *Hânfêst* en it yn desimber troch de Earste Keamer ûndertekene *Kaderferdrach* oangeande de Nasjonale Minderheden sûnder eigen steat.

De taalpolityk en ek ûnderwiiskundich bêste oplossing is dat de kearndoelen Frysk foar it basisûnderwiis *spegele* binne oan dy foar it Nederlânsk. Dy kearndoelen wurde op dit stuit ek op 'en nij besjoen. Kearndoelen binne troch de lanlike oerheid *ferplichte* doelen foar de skoallen om yn it programma op te nimmen en nei te stribjen. It seit himsels dat net alle learlingen like fier komme. In oar foarbyld: ek foar rekkenjen komme alle learlingen net like fier, mar wy helje it net yn de holle om de doelen nei *ûnderen* ta by te stellen. Krektoarsom! Der wurdt no alle war dien om nei te gean wêrom't dy rekkendoelen net helle wurde! Men wol ommers gjin efterstannen!!!!! Foar it Frysk heart dat net oars te lizzen.

De minne resultaten foar it Frysk hawwe trije oarsaken:
a. De skoallen lûke der *te min tiid* foar út (foar gjin inkeld fak wurdt it tal lesoeren foarskreaun).
b. It Frysk is *amper fiertaal* by oare fakken en wurdt dan faak ek noch *ferkeard* brûkt.

c. It Frysk is in *isolearre fak* en der mist *goed twatalich* ûnderwiis. De ferlamjende eangst dat tiid foar it Frysk minne resultaten foar it Hollânsk opsmite soe, is grut. Undersyk jout lykwols oan dat it krektoarsom is: goed twatalich ûnderwiis jout bettere resultaten.

De differinsjaasjemooglikheden yn 'Herziening doelstellingen Fries in het PO' en de oanset ta *kontrôle* (fisitaasje) binne ek prima, mar net as *útgongspunt* foar nije kearndoelen. *Differinsjaasje* heart allinnich in *ûnderwiiskundich* antwurd te wêzen as it giet om de *taskikte leartiid*, de *wurkwize* en it *fazearre* oanbod, om te soargjen dat *alle bern alle kearndoelen* (mear of minder) helje sille. Yn in stêd as Ljouwert is it *likegoed* mooglik om de kearndoelen nei te stribjen en ridlike oant bêste resultaten te heljen as soks mar *systematysk* fan groep 1 ôf oan bart. As dat lêste *nèt dien wurdt*, dan giet it net oan om te sizzen dat de besteande (spegele) kearndoelen Frysk net te heljen binne.

Foar de *Feriening Frysk Underwiis*,

S.T. Hiemstra, skriuwer.